

Autoskooterje op it Frjentsjerter keatsen

foar famke K. te F.

Bekende en minder bekende skriuwers hawwe gauris oer it keatsen skreaun. Piter Jelles Troelstra skriuwt dat er op 'e PC yn Frjentsjer wie, faaks fermakke er him op 'e merke, mar hy hie foaral each foar de fammen op it Sjûkelân. De skriuwer Simon Vestdijk út Harns hat oer it spul skreaun - hat keatst yn Harns op 'e Skritsen en miskien ek yn Hjerbeam, dêr't de heit fan syn faam foarsitter wie fan de keatsklub (Terug tot Ina Damman, 1934).

De dichter Piter Jelles keatste by myn witten net. Hy hat der wol in moai gedicht oer skreaun - 'By 't keatsen' (1882). De earste strofe jout de sfear fan de PC treflik wer:

Ik wie by it Frjentsjerter keatsen,
En hie dat mar net foar 't ferstân;
Mar ien treast – der wiene ek froulju,
De pronk fan it Fryske lân.

It fers is net opnommen yn de nije *Spiegel van de Friese poëzie*. Ik fyn dat in griis: Troelstra lit sjen dat er by steat wie en beskriuw as net-keatser de tige werkenbere sfear op in PC.

Ien fan de gearstallers fan de nije *Spiegel* skreau my doe't ik yn oktober 2007 de Gysbert Japicxpriis wûn hie: 'wy hearre net by itselde partoer wat de literatuer oangiet'. No, fan it keatsen hat er ek gjin moer ferstân, want jo hearre net by in partoer, mar jo

sitte yn in partoer, en jo hearre by de bêsten (of net, sa't hjir bliken docht).

Sokke lju sjogge (dus) net it boartlike yn Piter Jelles syn gedicht. De *Spiegel* hat no in godfruchtich gedicht fan him opnommen, dêrmei past er miskien better by de smaak fan it Spiegelpartoer. Mar oft de dichter en sosjalistyske foaroanman dêrmei rjocht dien is, moat sterk betwivele wurde.

Famke K. út F.

Ek ik haw oer it keatsen skreaun, yn poëzy en yn proaza. Foar de keatsklub 'Jan Zeinstra' wie dat yn 1993 de histoaryske 'roman' oer *100 jier keatsen Hjerbeam*. Yn myn roman *Piksjitten op Snyp* (1999) komt it keatsen ek gauris foarby - yn de fuotspoaren fan Piter Jelles sis mar (want poëzy, keatsen, PC en froulju falle elkoar soms yn de earms).

Krekt foar ôfrûne krysttiid kaam my it berjocht fan Janus Paassen syn dea werris ûnder eagen. Ik seach him noch rinnen op it Sjûkelân. Mei Hotze Schuil, Sikke Olivier, Frâns Helfrich en oaren. Ik hearde se praten - Ljouwerters, Harnzers, want dat wiene har talen. Op itselde stuit mong dat stedsk op it keatsfjild him mei it Frjentsjerters fan famke K. - yn har koart rokje, mei har prachtige Dietrichskonken, op har reade skuon mei hege hakken.

Mei dat famke haw ik merkefierd op it *Frjentsjerter keatsen*, mei dat famke reesde ik yn de autoskooter oer de Breedpleats te Frjentsjer - 'jou mutte my goed fasthouwe, want anders krij ik opsoademiters fan dy

andere autootsys, se hewwe it op myn bloate benen fersien'.

De PC betsjutte yn dy tiid (1957-1959) foar my keatskeningen, merkefiere en fammen, lykas Piter Jelles in 75 jier earder yn syn fers beskriuwt. Yn *Piksjitten op Snyp* komt in famke foar dat mei it Frjentsjerter keatsen yn in kroech wurket, dat sjen lit hoe't je de sûker mei ien finger út in sûkerpûdsje tikje kinne, dat op in nacht, as elk op ien ear leit, op it toaniel fan dy kroech foar my in striptease jout.

Su'n Franeker meiske bedoel ik nou. Meiske K. fan de Singel, flakby it roaie dorp - dat meiske speult in heel wat fan myn boeken een rol (mei har prate ik Frjentsjerters sa't ik yn Harns wol Harnzers prate). Troelstra seach sa'n famke yn F. al folle earder. Keatsmuzen binne it.

Ik sal wel sture

Yn myn lêste bondel gedichten, *As wurden slipe wurde* (2008), komt dy wrâld fan de merke, de autoskooter mei syn rubberplysje, de wille fan twa fereale jongelju, yn twa gedichten werom. De gummyharlekijn op de reesbaan fan de autoskooter joech knipmesbûgjend it sein om troch te riden as je him ramden.

publiek het niet zou waarderen? Dat weet ik niet. Een persoonlijk verhaal spreekt ook de mensen aan die Chris niet kennen. Uitleg geven van de spelregels had de film alleen maar ingewikkeld en droog gemaakt. Dat werkt niet.'

Volgens Wits zit de kracht van het verhaal juist in het ouder worden, de roem, de teleurstelling, het afscheid nemen. 'Chris op een keerpunt in zijn leven, dat maakt het groter dan alleen maar een kaatsfilm-pje.' De film werkt via fragmenten uit trainingen, wedstrijden, werk en privé-leven van de drie maten toe naar het absolute hoogtepunt, de PC van 2008. Wat was mooier geweest dan een afscheid van El Gigante als de koning van de Friese kaatsarena's? Het mocht niet zo zijn. Zijn partuur sneuvelt in de halve finale. Voor de icoon van het Friese land wordt het niet het afscheid dat hij heeft gedroomd. Eervol, maar toch?

Wits had een voorgevoel. De avond voor de PC staat Chris zijn schoenen te repareren. 'Iets in zijn houding zei me dat hij dacht: dit wordt 'm niet morgen! We hoopten het natuurlijk ontzettend voor ze, want je krijgt een band met ze. Achteraf kunnen we alleen maar blij zijn dat ze er niet in de eerste omloop af gingen. Ze hebben tenminste een toernooi kunnen spelen. Als ze hadden gewonnen, dan was het feit dat Chris voor de laatste keer meedeed ondergeschikt geraakt aan die zege. Ook als verliezer blijft hij gewoon de koning. Zijn doel was goed afscheid te

nemen van het publiek dat hem altijd op handen droeg. Dat heeft hij gedaan. Dat is gelukkig gebeurd. Je ziet hem na afloop samen met Rutmer naar de winnaars kijken. Uit die scène spreekt het besef dat het leven verder gaat. Voor de film was ik er dan ook niet verdrietig om dat hij niet won en koning werd.'

Wits groeide op in Den Haag. Zijn vader was een Fries. Pake had een schildersbedrijf in Leeuwarden. Beppe was een Hettinga. Aan de muur thuis hingen bordjes met Friese spreuken. Doch dyn plicht en lit de lju rabje. Dat deed hij als beeldend kunstenaar en theatervormgever en sinds 2002 als filmer. In dat jaar debuteerde hij met 'Het stoffelijk geheugen' over de schatkamer aan emotionele verhalen die samenhangen met oude kledingstukken. De film werd uitgezonden door de NCRV. RTV Noord en Omroep Max zonden in 2005-2006 'Een oorlog van acht weken' uit over het bizarre einde van de Tweede Wereldoorlog op Schiermonnikoog, verteld door de kinderen van toen. 'Bestemming Oerol' ging in première op het Noordelijk Film Festival van 2006, twee jaar later dus gevolgd door 'Keatshert'.

De laatste was de grootste klus tot nu toe. 'Er zit een jaar van mijn leven in. Sneller kan het niet, want het is een enorme machinerie om zo'n film te maken. Als je hart er niet in zit, dan hou je het niet vol. Ik ben heel dicht bij de hoofdpersonen gebleven. Je ziet en voelt de emotie. Het zijn stoere Friese jongens, maar ook heel emotioneel. Die emotie wordt niet uitgesproken.

Daar hou ik van. Beter wat niet dan wat wel gezegd wordt. De tegenslagen, het ouder worden, het naderende afscheid. Je vult het zelf in. Het wordt als het ware je eigen verhaal als kijker.'

Het boottochtje als teambuilding. Tussen loting en PC. De zon schijnt. Friesland ligt er bij als in een toeristenfolder. Maar de spanning is onder het hengelen om te snijden. En die nek! Misschien wel de mooiste scènes in de film. Chris als hoofdrolspeler in een roadmovie. Wits: 'We hadden het geluk dat Chris het op camera goed doet. Hij is heel naturel. Dat heeft ons veel opgeleverd. Op een gegeven moment is de camera er niet meer. Dan is Chris gewoon zoals hij is.'


Wio Joustra

Slaan ik myn earms om dy hinne
Tútsje dy op noas en boarsten
Krûp dan as in gummypop
Troch dyn nâle yn dyn liif



Harkje nei dyn sykheljen

Skreppend tsjin de stoarm
Lústerje wy elkoar ús tinzen
Yn de twa pear earen



Rubberpoppen út de autoskooter
Stuiterjend oer oseaanweagen

It ear fan de romte registrearret

(út: Hendrik Beekman (bylden) en Josse de Haan (gedichten; mei oersettingen yn it Nederlânsk, Ingelsk, Spaansk en Frânsk). *As wurden slipe wurde*. Frjentsjer, 2008). Beekman is dit jier útnoege om te eksposearjen op de Biennale yn Florence. Ek de bondel fan him en Josse sil dêr de bylden mei wurden slipe.

Doe't ik de fersen skreau, kaam famke K. my yn 't sin, ik hearde har praten, ik fielde har yn myn hannen, ik seach har stadich dûnsjend op it toaniel yn dy kroech, we botsten yn de skooter wer as gekken tsjin de oare autootsjes - 'ik sal wel sture, as jou my maar met beide armen tegen je aandrukke, en nyt kitele of in myn oar kribele'.

De *rubberpoppen út de autoskooter stuiteren*, ik hie wol *troch har nâle yn har ferdwine wollen*. Nei fyftich jier spylje de merke en it keatsen yn Frjentsjer noch in rol yn myn poëzy, foaral *dat famke mei wite fearren/ mei har glimkes, yn al har dwaan* (Troelstra).

'Must my goed fasthouwe'. Ja, dat haw ik dien, yn myn poëzy bist foar ivich yn wurden beskreaun.

Grutkeatsers smieten eartiids moarns ier en betiid in blom út de krânse op de stoepe fan har faam as se de foarige deis wûn hiene. Dichters slypje wurden lykas yn *As wurden slipe wurde* en beskriuwe sa de muze fan har jeugd - meiske K. in F., aan de Singel by it roaie dorp.

Josse de Haan

Sip Oosterhoff wie syn tiid foarút

'Op Pinkstermoandei gienen wy as fammen te fytsen. Us heit gie mei as fytsmakker, ús mem foar de gesellicheid. Ik wie doe fyftjin jier en der wie ien famke by, dy hie al twa kear in lekke bân hân. De tredde wie yn Raerd en ús heit hie syn nocht fan dy bân, dus hy nei de fytsmakker om in nijenien. De âlders koenen it wol betelje, dat wie it probleem net. Wy as jongfamman moasten skoft hâlde, en it ferjit my nooit wer, oan de oare kant fan de dyk stienen trije opslûpen jonges ús te meunsterjen en ien fan dy jonges wie Sip Oosterhoff. It wie de earste kear dat ik him seach.' Sa sit dy earste moeting Janke Wagenmakers, Sip syn lettere frou, noch yn it ûnthâld.

Sip wie op dy Pinkstermoandei net fier fan hûs, want hy wenne yn Raerd en dêr stie ek syn widze doe't er op 5 july 1913 op de wrâld kaam. Hy wie iennichst bern fan in heit en mem dy't tsien jier skeelden. De heit wie in opfallende ferskinning mei in grut, griisburd, dy't faak rinnend oer de doe noch hast autoleaze diken op 'en paad wie. Hy kaam as riedslid op foar de belangen fan de SDAP. 'In moaie en aimabele man en Sip wie krekt syn heit', sa wit Janke Wagenmakers noch. De mem wie swiersettich en hat gauris opnommen west by de 'Overspannen huisvrouwen'.

Sip Oosterhoff koe wol wat leare en hy bedarre op de "fine kweek" yn Snits, mar makke dy net ôf. Hy kaam op it belestingkantoar terjochte. Ek Janke Wagenmakers koe wol mei de learboeken oerwei en sy reizge fan Littens nei de Mulo yn Ljouwert, School 4.

It wie lykwols net op skoalle dat de twa elkoar moeten. Janke Wagenmakers en har freondinnen wienen op wei nei in dûnsfeest yn De Trije Romers fan Reduzum, mar it kaam wat oars: 'Der wie gjin dûnsjen, dat doe op nei de De Herberch yn itselde plak.' Sa kamen Janke en Sip mei elkoar yn de kunde.

Janke Wagenmakers kaam út in laach fan postrinners. Heit Pieter Wagenmakers wie al postkantoarhâlder yn Littens, wylst dy syn heit as "brievengaarder" troch it libben gie. Heit Pieter fûn Janke in geskikte opfolger as postkantoarhâlder, mar dan moast der earst troude wurde. Dat barde op 26 april 1940 mei Sip Oosterhoff, dy't yn it begjin brijsieder wie yn it fabryk fan Littens. Letter soe er op de administraasje komme.

Oare minsken krigen wolris in ferkearde yndruk fan it houlik. Janke Wagenmakers: 'Wy gienen simmerdeis steefêst op fakânsje nei Skylge. Yn it wykein naam Sip dan de boat foar it keatsen en gauris kaam myn broer dan twa dagen lâns. Dat gie sa in pear kear en doe fernaam ik wol dat de oare minsken wat flústeren en dat gie oer ús. Doe ha 'k in frommeske op de man ôf frege wat der oan de hân wie. De minsken tochten dat ik it stikem mei twa mannen oanlei. Ommers as de iene kaam, wie de oare krekt fuort. Doe't ik sei hoe't it echt siet, krige dat minske sa'n holle fansels.'



Sip Oosterhoff: de hiele man.

Yn 1946 waard Sip Oosterhoff frege as kantoarhâlder, wylst frou Janke yn tsjinst bleau as "lokale kracht". Dat kaam wol goed út, want de húshâlding Oosterhoff hie der in Tineke yn 1942 en in Minke yn 1943 by krigen.

Sip Oosterhoff en Janke Wagenmakers wienen bern mei inselde eftergrûn: in read nêst mei in blau rântsjje. Nea soe Sip yn syn letter libben oanskowe by de rûne tafel, sa't de kroech ek wol neamd waard. Al yn Raerd sette er syn earste pinnestrecken op papier, op